

---

**Tsjinstboek diel II presintearre (FD) - 9 oktober 2010**

Artikel Friesch Dagblad 8 oktober 2010

Tjinstboek diel II wurdt sneon presintearre yn Ljouwert  
'Der falt hiel wat út Tsjinstboek te learen'

Grou/Ljouwert - Sneon is de feestlike presintaasje fan Tsjinstboek diel II yn de Grutte of Jakobinertsjerke fan Ljouwert. In boek fan goed 1000 siden en de oersetting fan de Hollânske edysje (Dienstboek Deel II Leven-Zegen-Gemeenschap, 2004). Redakteur Jan Breimer fertelt oer de betsjutting fan it twadde Fryske Tjinstboek.  
Troch Lodewijk Born.

*In tjinstboek, wat is dat eins?*

Dat is in samling fan oarders, gebeden en oare teksten foar fieringen yn alderhanne situaasjes. De útwreide taljochtingen en suggestjes dy't dêrby jûn wurde meitsje dat sa'n tsjinstboek net allinnich in gebrûksboek is mar ek in stúdzjeboek.

*Dit is de twadde edysje. Wannear kaam it earste diel út en wêr gong dat oer?*

Fan it earste diel kaam de Hollânske edysje yn 1998 út en de Fryske yn 2005. Dat diel is foar de sneinen troch it jier hinne. In oar part fan dat boek jout materiaal foar it deistich gebed.

*Binne der fan dy Fryske útjefte fan diel I in soad fan ferkocht?*

Yn de PKN krije de tsjerkerieden en de foargongers de tsjinstboeken fergees. Wa't sels sa'n boek hawwe wol, kin it keapje, mar dat giet net om grutte oantallen.

*De lanlike edysje fan diel II kaam yn 2004 út yn it Nederlânsk. Wat stiet dêr yn? En wannear binne jimme úteinsetten mei de oersetting yn it Frysk?*

It twadde diel jout it materiaal mei taljochtingen foar ferskillende oare situaasjes. Dêrby kin tocht wurde oan doop- en belidenistsjinsten, befêstiging fan amtsdragers en trou- en routsjinsten. In apart haadstik is wijd oan it nachtmiel yn bysûndere situaasjes, bygelyks yn teuzen en by siken thús. In hiel grut haadstik is wijd oan it seinigjen. Sa wurdt omtinken jûn oan de reisseine, it seinigjen fan siken, de hússeine en de tafelseine. Yn dat haadstik steane ek wiidweidige suggestjes foar it yn gebrûk nimmen en it bûten gebrûk stellen fan tsjerkegebouwen. Wy binne begjin 2007 mei it oersetten begûn."

*Hoefolle minsken hawwe der by belutsen west?*

Acht oersetters, dy't yn trije groepkes mei-inoar wurke hawwe. Yn alle groepkes wiene ferskillende spesjalismen fertsjintwurdige, lykas in predikant, in Fryskkundige en ien mei gefoel foar it dichterlike.

---

*Wat wie jo funksje yn alles?*

Ik wie redakteur en moast derfoar soargje dat de teksten út de oersetgroepkes net te folle útinoar rûnen. Begripen dy't op ferskillende wizen oerset wurde kinne moasten by einsluten wol gelyk klinke. En teksten dy't faker as ien kear foarkomme moatte ek op deselde wize oerset wurde.

*Is der in grut ferskil mei de Nederlânske edysje? Wat wiene wichtige saken dy't dreech wiene om oer te setten?*

Yn prinsipe is it boek ien-op-ien oerset en is de nûmering fan de siden dan ek gelyk. In útsûndering foarmje de lange listen mei lietesuggestjes dy't by alle haadstikken hearre. Trochdat net alle lieten út de Nederlânske edysje oerset en yn bondels ferskynd binne, binne dy listen yn it Frysk wat koarter. Dat joech ús de romte om goed tweintich lieten oerset te litten en dy op de leechkommen siden te setten.

*Wurdt it tsjinstboek is soad brûkt yn de tsjerken en troch dûmnys?*

Ik hoopje fan wol, oars soe alle muoite om 'e nocht west hawwe. Mar dêr giet it net yn it earste plak om. It brûken fan de beide tsjinstboeken, oft dat no yn it Hollânsk of yn it Frysk is, ferrikt de tsjerketsjinsten en oare gelegenheden. Men kin guon teksten, dêr't lang oer neitocht, faak sels net maklik oars ûnder wurde bringe. En wa't it wol oars sizze wol, kin him ynspirearje litte troch de wurden yn it tsjinstboek. Guon foargongers en tsjerkegongers grize fan ferplichtingen. Sa binne de tsjinstboeken lykwols net bedoeld.

*Wat is de betsjutting foar de Fryske taal dat dit tsjerkeboek der no ek yn it Frysk is?*

Om mar ris wat te neamen: in ferriking fan it taalgebrûk. Wa't dizze teksten útsprekt of foardraacht, is der wis fan dat er it Frysk goed brûkt. Wy hawwe mei-inoar ús bêst dien om der linich en fersteanber Frysk fan te meitsjen. Dat it net altyd gewoane omgongstaal is, sit him yn it karakter fan religieus taalgebrûk. It giet faak oer ferheven saken dy't net yn húslike taal te sizzen binne.

*Der stiet ek wat yn oer it sluten fan tsjerken. Dat is fansels aardich foar tsjerken dy't dat sels allegearre mar betinke moatte. Soe it goed wêze as ek amtsdragers en liturgykommisjes mear witte fan it tsjinstboek?*

Ja, sûnder mis. Elke tsjerkeried moat leafst oer mear as ien eksimplaar beskikke. It sil de amtsdragers stypje yn harren taak, want der falt hiel wat út te learen.

*Ik lêš wat oer de fermoedsoening, wat moat ik my dêr by foarstelle?*

Dat haadstik begjint mei Jakobus 5: 16: 'Beliid dan elkoar jimme sûnden en bid foar elkoar, dat jimme better wurde meie.' It selsûndersyk, it beliden en de ferjouwing, yn it iepenbier of yn it persoanlik flak is yn it tsjerklik libben op de eftergrûn rekke. Dit boek jout mooglikheden en suggestjes om dêr yn dizze tiid foarm oan te jaan.

*Hoefolle binne der printe fan dit nije tsjinstboek?*

Ik mien dat der sa'n 1100 fan makke binne. Wa ha dit hiele projekt betelle en hoefolle hat it koste? 12.000 euro. Wy hawwe sa gelokkich west dat in soad tsjerkerieden der it belang fan ynseagen dat dit boek ek yn it Frysk beskikber kaam. De oprop om jildlike stipe fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst hat net om 'e nocht west. Fierders hawwe de Provinsje en fûnsen dy't it Frysk stypje wolle der ta bydroegen dat de útjouwer it útjaan koe.

*It boek wurdt sneon om 15.30 oere presintearre yn Ljouwert. Wat bart der op dy gearkomste?*

Parten fan de ynhâld wurde troch sketskes ta libben brocht. By oare parten wurde lieten songen. Twa kantorijen (Burgum en Deinum c.a) en Theo Jellema wurkje mei, dat rekkenje mar dat it in feestlik barren wurdt. Tusken de bedriuwen troch wurde de earste eksimplaren oanbean en nei ôfrin nimme de foargongers en de tsjerkerieden harren eksimplaren daliks mei nei hûs. Dat skeelt in soad wurk en ûnkosten.

It Tjinstboek is in útjefte fan Uitgeverij Boekencentrum. 1024 siden. Priis op sneon 12 euro.